

Toanielferiening Fordivedaesje  
Jierferslach winterskoft 2016-2017

Yn novimber hiene we trije ienakters útsocht en klear lizzen, wat in feest! Op 25 en 26 novimber ta útfier brocht. As earste it stik "Belje dokter". In sear tapasselik stik fûnen wy. It gie namentlik oer in bestjoer mei ien mannelike foarsitter en fjouwer frouwelike bestjoersleden. Sy stiene foar de taak it 40-jieriche bestean fan de toanielferiening in feestelik tintsje te jaan. Krekt as ús bestjoer op dat momint. Mei Wolter Overwijk as autistyske foarsitter en ieniche man yn it selskip wie it in kypehok gelyk en in bysûdere fergadering. It hiele bestjoer gie op'e harses fansels. De regie wie yn hannen fan Mirjam vd Meer, ek bestjoerslid, dus wit no hoe at it net moat. Sawol de ploech as de besikers ha genoaten fan it samenspul en it stik.

Dernei, ûnder regie fan Jan Overwijk – syn debut, kaam it stik "op fekânsje" op de planken. We seachen in auto mei in bomfolle karre stean. Mei derefter op it skerm echte bielden fan de rit. Heit en Mem, Anne Visser en Sieger Dijkstra sitte foarien en de bêrn achterien. We hiene sûnt lange tiid wer jeugd op toaniel! Lisa Veldman en Dieuwke Atsma ha de rollen fan de bêrn prachtich fertolke. Dizze fjouwer salle op fekânsje, nei Dutslân. Underweis wurde se ek noch oanhâlden troch plysjeman Pier Visser. Yn de karre leit fan alles, want stel je foar dat je dat op it plak fan bestimming dat no krekt net krije kinne... 36 rollen skytpapier, in 4 meter lange ledder en hinnen!! Gelokkich kinne se rêstich hun reis ferfolgje nei Ausfarht. In geweldich stik, eltsenien mei de trienen yn de eachen, we ha alderwetsk laitsje kinnen.

As tredde en lêste stik kaam "Tom Tom". Mei ek dizze kear Jan Overwijk as regisseur. Heit en mem, Anne en Sieger, gean op snein nei ien fan de bêrn ta. En mei it earst mei in echte Tom Tom yn'e auto.

Der stiet in skitterende auto op it toaniel, we sjoche alline de kont dizze kear. En dererfter it grutte skerm, it foarrút fan de auto. We starte by Jan Wind en riide troch it doarp. De Tom Tom oan en se snappe der neat fan. Dat minske eamelt mar troch! We komme underweis allegear bekenden sjen en swaaie hiel wat ôf. Mem stapt sels noch efkes út by de slachter om droeche woarsten! In hilarysk stik wer freselik om lake is die by de hiele seal yn de smaak foel. Wat in leuk en gesellich wykein ha wy hân!

It hiele wykein binne minsken achter de skermen oan it wurk. Jim sjoche se misskien net, mar se binne der wol! In betankje foar It lûd en ljocht, Richard Veldman. De kap en grime. De toanielmasters, de minsken dy at holpen ha mei de kaartferkeap, nije leden en de lotteferkeap en it Harspit en persoaniel fansels. Ek de sponsors wurde tige bedankt, jim meitsje it mei elkoar mooglik om dizze jûnen sa slagje te litten!

De stikken binne tige goed besocht, san lytse fjouwerhunderd minsken, en mei wer útwreiding fan it lede oantal.

We ha as bestjoer beslúten om it maart stik te litten foar wat it is. We sitte al hast twa jier yn foarbereiding fan it iepenloftstik "De Striid" wat yn septimber 2017 ta útfier wurdt brocht.

Al mei al in drok, mar leuk jier foar us as bestjoer. En op nei it fieren fan ús eigen 40-jierich jubileum!

Maart 2017  
Skriuwster Mirjam van der Meer

